

Doarpsbelang Nijemardum

Ferskynt eltse lêste tongersdei fan'e moanne

Foarôf

Sinteklaas is wer yn it lân:
 en hy hat ús krantsje yn 'e hân.
 Swarte Pyt hat it him jûn,
 dy hie dêryn wat aardichs fûn:
 it Streekkoar jout in krystkonsert.
 Mar dat fynt Sinteklaas mar snert.
 Dan leaver in jûn foar Amnesty skriuwe,
 mar nee, salang kinne wy hjir net bliuwe.
 Kom Pyt, do moatst ek better lêze:
 wy moatte no sneon yn't doarps hûs wêze!

JPDCJ

AGENDA

- 1 december: Sinterklaas in het dorps huis
- 7 december: Grof vuil en oud ijzer
- 15 december: Oud papier
- 18 december: Schrijfavond Amnesty International
- 18 december: Bestuursvergadering Dorpsbelang
- 19 december: Adventsavond Passage in Nijemirdum
- 23 december: Kerstconcert Interkerkelijk Streekkor
 om 20 uur in kerk Oudemirdum
- 6 februari: Ledenvergadering Dorpsbelang
- april 2002: Hobbytentoonstelling

BERNE

op 20 oktober 2001: **Eelco Eise**
soan fan Roelof en Gerrie van der Veen-Veenstra

op 29 oktober 2001: **Remco**
soan fan Freark en Tryntsje van der Goot-Dijkstra

op 30 oktober 2001: **Anouk**
dochter fan Jan en Wiepkje Holtrop-Pietersma



FERHUZE

fan Lyklamawei 26:

Johan Bosma nei De Klencke 111, 1083 HH Amsterdam

Feikje Bosma nei De Greide 39, 8561 ET Balk



HUURWONINGEN

Dorpsbelang zou er graag van op de hoogte willen zijn of er ook belangstelling is voor huurwoningen in Nijemirdum.

Mocht dat het geval zijn, dan horen wij dat graag.

De regels om voor een huurwoning in aanmerking te komen zijn enigszins veranderd en staan vermeld achter op de "Huren & Wonen"krant die eenmaal per twee weken in de bus valt.

Voor het vervolg op de computercursus of een internetcursus hebben zich nog maar 4 mensen gemeld; dat moeten er 14 worden. Wie dus nog belangstelling heeft: graag zo spoedig mogelijk laten weten.



Dorpsbelang Nijemirdum

KOPIJ DOARPSKRANTSJE

Inkeld kriget de redaksje wolris in kranteknipssel of folder yn 'e bus, der't fierder neat by stiet. Wy wolle tenei graach witte fan wa't it komt en wat de bedoeling derfan is.

De redaksje

OALJEKOEKEN-AKSJE

Ja, jimme moatte der no noch net oan tinke, mar it is samar sa fier. Moandei 31 desimber, fan 9 oant 12 oere, is de slachterij wer efkes iepen! Nee, jimme kinne net om fleis komme, mar wol om oaljekoeken. De slachterij is dan foar ien moarn bakkerij.

Oaljekoeken, mei of sûnder resinen, jim kinne se mar bestelle!

Wy bakke diskear foar in goed doel en om de priis hoege jim it ek net te litten:


10 oaljekoeken foar 6 gûne!

Dus wy soene sizze: kom âldjiersdei tusken 9 en 12 lâns yn "bakkerij De Slachterij" foar in gesellich praatsje en in hearlike oaljekoek.

De besoarchsjust is ek wer ynskeakele en... wy besoargje fergees!

Oant sjen,

Coby, Grytsje en Wiepkje.



(namme)wol graach oaljekoeken **mei** resinen
..... oaljekoeken **sûnder** resinen

Dit (of soksoarte) briefke **foar 27 desimber** ynleverje
by ien fan de trije Pietersma'tsjes

SKELTERRACE

Op zaterdag 6 oktober is de skelterrace voor de tweede maal gehouden. Er deden dit jaar 30 basisschoolkinderen mee. Het weer werkte mee en zodoende konden we met een najaarszonnetje om 13.30 van start gaan.


De onderbouw legde eerst een parcours af met zeer snelle tijden. De baan was goed geprepareerd met een heuvel, met een stijging van minstens 20% volgens de voorzitter van de feestcommissie, vervolgens een moeilijke wipwap, waar menig coureur overheen stuitte, dan een slalom van een tiental meters, daarna een haarspeldbocht en dan als een speer weer naar de finish, waar de topsnelheden vaak zo hoog lagen, dat het publiek weg moest springen om niet onder een supersnelle bolide te komen!

De top 3 van groep 1 en 2 was na twee manches als volgt:

- 1. Mats Faber** tijd 50 sec.
- 2. Menno Feike Baukema** tijd 51 sec.
- 3. Freerk Wildschut** tijd 54 sec.

De top 3 van groep 3 en 4 was na twee manches als volgt:

- 1. Harmen Kramer** tijd 40 sec.
- 2. Marten Wildschut** tijd 43 sec.
- 3. Tiertsje Hospes** tijd 44 sec.
Marja Wildschut tijd 44 sec.
Jelmer Dijkstra tijd 44 sec.



Het parcours voor de bovenbouw was langer en zwaarder, met geen haarspeldbocht, maar een bocht van 90° en dan “off the road”, om daarna ook als een speer terug te keren naar de finish, waar menig coureur met de tong op de pedalen terugkwam.

Na twee spannende manches was de top 3 van groep 5 en 6 als volgt:

- 1. Albert Menno Laffra** tijd 1 min. 20
- 2. Wieke Bekedam** tijd 1 min. 22
- 3. Lars Faber** tijd 1 min. 24

De top 3 van groep 7 en 8 zal er als volgt uit:

- 1. Rinse Baukema** tijd 1 min. 10
- 2. Joshua Koning** tijd 1 min. 11
- 3. Michael Koning** tijd 1 min. 12



Na de prijsuitreiking was er nog een versnapering en konden we terugzien op een geslaagde middag in oktober.

De feestcommissie

UT 'E BALKSTER KRANTE FAN 50 JIER LYN

'k Stie by de Nijemarder toer;
myn tinzen wiene om him hinne,
wat stiest dêr âlde toer allinne
as wachter oer moai Gaasterlân!

Safolle slachten seachst ferdwinen,
har stof rêst yn dyn âlde hôf,
dyn stim hat klonken, djip en drôf
en nije slachten seachst ferskinen.

Do âlde toer, no yn ferfal,
hoefolle jierren stiest der al?
Hoefolle fiskers kearden 't roer
mei dy yn oerlis, Marder toer?

No bist âld, dyn krêft waard wei,
ferfoel fan d' ien' op' e oarde dei,
krebintich biste, slim ferwurren,
mei djippe groeden yn dyn murren.


De nije yngong fan dyn hôf,
wol kreas, jawis, oars net as lof,
dy hunet dy, dy flokt dy oan,
dy falt by dy slim út 'e toan.

Dyn deide doarren binn' kapot,
dyn treppensdoar kin net op slot,
in boartersplak - 't is klear te sjen -
dat bisto langer foar de bern.

Jorwerts geast waart om dy hinne;
dy krige stipe, do stiest allinne.
Skylk op in kweade, swarte dei,
dan falst yn pún, dan biste wei.

Lju fan Mardum, moat dat sa?
Moat jim toer gjin stipe ha?
Gemeenteried, 't is Gastlâns saak,
ha jim ek plannen yn 'e maak?

Oars! Sykje in wei om lâns te gean,
dan kin dy toer jit jierren stean.
Lang klink' syn stim, faak bliid soms drôf,
oer Marder gea en deadehôf.



Sponsors:

P. Baas	-De Klussenbaas
B. Beukens	-Garant Zaden
H. Postma	-Motorenrevisie/repairatie
D. Bosma	-Klussenbedrijf
Fam. K. Rienstra	-Beheerder Dorpshuis
Runia BV	-Fourage en Transport
J. A. Dijkstra	-Dierenarts
Fam. Y. J. de Jong	-Camping "De Swel"
L. Aukema	-Taxi Gaasterland
De Vries	-Slagerij
J. Buma	-Handel
E. Groenhof	-Transportbedrijf/Verhuizingen
F. A. Hoogervorst	-Petit Restaurant Hoogervorst
Baukema-Oenema	-Zonweringsbedrijf
Roel van den Eijnde	-Journalist/Tekstschrijver
Fam. A. Bekedam	-Melkveehouderij/Luxe appartementen
Fam. H. de Graaf	-Koeienmuseum
H. Muis	-Stucadoorbedrijf
W. Beukens	-Onderhoud & Timmerbedrijf

Bestuur Dorpsbelang:

J. v.d. Goot (voorzitter)	Heaburgen 36	tel: 571283
Th. Stoker (secretaris)	Hoitebuorren 6a	tel: 571519
D. Bosma (penningmeester)	Omrin 3	tel: 571282
R. Kramer	Wissebuurt 12	tel: 571785
R. Schouten	Hege Bouwen 29	tel: 571625
J. Feenstra-de Jong	Nij Amerika	tel: 602560
T. Baas-Kortstra	Hege Bouwen 12	tel: 571229

Redactie krant:

J. v.d. Goot	Heaburgen 36	tel: 571283
P. Rienstra	Omrin 2	tel: 571866
D. Runia	Hoitebuorren 10	tel: 571588
C. en J. Bosma	Lyklamawei 26	tel: 571550

De bezorging van dit krantje is in handen van de fam. J. Rienstra.

Het volgende krantje verschijnt op donderdag 27 dec. 2001. Kopij inleveren **voor 20 dec.** bij één van de redactieleden of stuur een e-mail naar famcbosma@hetnet.nl